

Redaksjoneel

CÆDMON EN BERNLEF

Yn it twadde part fan it nûmer wurde hiel wat siden wijd oan in literêr-histoarysk ûnderwerp: twa dichters út de achtste iuw. Geart fan der Mear skriuwt oer Cædmon, de dichter fan it earste Aldingelske en dus Ingelske gedicht. Redbad Veenbaas bûcht him oer de mooglikheid dat fan ús eigen Bernlef, fan wa't neat bewarre bleaun is dochs wat op skrift fêstlein is, dan wol gjin Aldfrysk, mar miskien wol de Aldsaksyske *Heliand*. Yn beide artikels wurde sawol Cædmon as Bernlef ferlykjenderwize neamd. It bliuwt foar ûndersikers in útdaging om ankerplakken út it ferline noch mear in gesicht te jaan.

NIJ PROAZA

Yn ferheljend proaza bestiet de fassinaasje foar it libbensferrin fan hjoeddeiske personaazjes en foar it eigen ferline fan de auteur. Yn nij proaza fan Piter Boersma, in fragmint út de roman *It libben fan Fimme Lap*, dêr't er oan wurket en yn in ferhaal fan Klaas Rusticus komt dat aspekt nei foaren.

EN FIERDERS

Martsje de Jong jout har betinken oer de nije roman fan Sjieuwe Borger. Se begjint sa: 'Net faak hat in boek my sa hinne en wer slingere tusken nijsgjirrigens en argewaasje, fernaam ik werkennen en ôfkear tagelyk.' Gerbrich de Jong besprekt *Waatze Gribberts Brulloft* en *It libben fan Aagtje IJsbrants*, it besykjen fan Eric Hoekstra om njoggentjinde iuwske teksten foar in hjoeddeisk lêzerspublyk tagonklik te meitsjen. In goed inisjatyf fynt se, mar it resultaat sjit neffens har spitigernôch te koart.

Anne Feddema en Joël Huitema drage poëzy by en der is oersetse poëzy út it Deensk wei. En ús fêste tekener John Bosma hat him weage oan it oersetten fan in ferhaal fan Kafka.

REDAKSJEWIKSEL

Yn ferbân mei wurk en oare drokten hawwe André Looijenga en Hedwig Terpstra har út de redaksje fan Ensafh weromlûke moatten. André siet sûnt 2011 en Hedwig sûnt 2012 yn de redaksje. André hat sawol einredakteur fan Ensafh-ynternet as de papieren Ensafh west. Hy hat ek hiel wat wurk ferset foar de temanûmers. Hedwig wie ek korrektor fan Ensafh en hiel wichtich wiene har mar leafst 71 fraachpetearen mei skriuwers dy't fan 2010 ôf op Ensafh-ynternet publisearre waarden. Wy sizze harren beide tige tank foar harren ynbring. De redaksje hat ek fersterking krigen. Anne Feddema, byldzjend keunstner, skriuwer, dichter, proazaskriuwer en al jierren publisearjend yn en op Ensafh hat no ek sit nommen yn de Ensafh-redaksje. Anne, tige wolkom.

Ensafh nr. 3 2019

Ynhâld

Redaksjoneel

Piter Boersma

It libben fan Fimme Lap (fragmint)

Anne Feddema

Giel liet

Pieter Postma

Foto

Klaas Rusticus

Gods fyts

Martsje de Jong

Net trochsneed, wol trochsketten

Gebrich de Jong

Simpele harry's en pronkjende froulju

John Bosma

Sinnich

Nyk de Vries

Wellersân

Joël Huitema

De loft

Ūke

Smörgens

ûntknoping

Margreet de Jong

Tekening

Franz Kafka

De gier

Mads Mygind

ik wurd wekker (dat bart út himsels)

ik drink in glês krenberrysop

Tomas Dalgaard

It boek by de psycholooch

Jannewaris

Geart van der Meer

It alderâldste Ingelse gedicht

Redbad Veenbaas

Bernlef, de dichter fan de Heliand?